

## LES 3

### LêsNo - Haadstik 6 oant en mei 8

1. 'Mei spyt hie Femke sjoen hoe't har freondinne Marije fan in leuk spontaan famke feroare wie yn in ûnseker, skichtich fûgeltsje.'
  - Wat wurdt hjir bedoeld mei skichtich fûgeltsje?
  - Hoe kaam it neffens Femke dat Marije sa feroare wie?
2. Yn H.7 binne mear oanwizingen te finen oer de mysterieuze persoan. Sykje der twa út.
3. - Wêrom krijt Luuk in komplimint fan syn mem oer syn gamen?
  - a. Omdat Luuk in soad credits wûn hat.
  - b. Omdat Luuk wûn hat en Jesse no gjin pis hoecht te drinken.
  - c. Omdat se fynt dat syn each-hân koördinaasje fantastysk is.
  - d. Omdat Luuk in level fierder kommen is.
4. - Wêrom is it bysûnder dat Luuk syn mem him dêr in komplimint oer jout?
  - De plysje leauwt yn earste ynstânsje neat fan it ûntfieringsferhaal. Wat tinke se dat der wol oan 'e hân is?
  - Wêrom tinkt de plysje dat dit wat te krijen hat mei Luuk syn thússituaasje?
    - a. Omdat se tinke dat Luuk oandacht tekoart krijt no't syn heit mei in oare frou in berntsje krijt.
    - b. Omdat se fine dat syn mem frjemde dingen seit en dus tinke se dat Luuk ek frjemd is.
    - c. Omdat it by Luuk thús rommelich is.
    - d. Omdat se tinke dat Luuk en syn mem altyd rúzje hawwe.



## CHALLENGE

### LES 3

## KARAKTERS

Stel dy foar datst fan dit boek in game makkest. Foar elke game hast 'avatars' (gamekarakters) nedich. Yn dizze challenge meitsje jim fan de 5 haadpersonaazjes út it boek in avatar. Doch dat yn groepkes. Wa wit wurdt jim avatar keazen as bêste fan de klasse!

1. Marije
2. Jesse
3. Femke
4. Luuk
5. Hidde

Wat jim dwaan moatte stiet op de folgjende side.

**Betink no:**

1. Hokker karaktereigenskippen hat hy/sy? Betink 5 per karakter.

**Kreäarje no:**


2. Hoe sjocht hy/sy derút? Skriuw/knip/tekenje/printsje it út. Digitaal? Op in poster? It is oan dy! ( → Of brûk de app Bitmoji)

**Bepaat no:**

3. Op wa fan de fiif haadpersonaazjes likesto it meast? Wêrom?
4. Op wa soest it meast lykje wolle? Hoe sa?
5. Op wa soest hielendal net lykje wolle? Wêrom net?

**Presintearje no:**


6. Presintearje jim avatars foar de klasse en fertel derby wêrom't se der útsjogge sa't se der útsjogge.
7. Stim no mei de klasse: wa hat de bêste Luuk? Wa hat de bêste Femke? Wêrom? Stim en bepaal hokker avatars 'winne'!




**MARIJE**



**JESSE**



**LUUK**



**FEMKE**



**HIDDE**